



doopsgezinde
gemeente
leeuwarden

Minniste Gemeente Ljouwert

11 novimber 2018

foargonger: Geeske Bies; organist: Gerben Bergstra

tema: *Hâld fan dyn neiste likefolle as fan dysels*



* Wolkom en oanstekken peaskekears

* Bemoediging en groet

Foargonger: Ivige, Jo, ús God
Wy minsken hawwe Jo noait sjoen

Antwurd: sjoch ús hjir stean

F: Wy hawwe inkeld fan Jo heard

A: Hear jo ús oan

F: Jo namme is dat Jo minsken helpe

A: wês dan ús help

F: en dat Jo alles makke hawwe

A: meitsje alles nij

F: en dat jo ús by namme kenne

A: lit ús Jo kenne

F: Jo wurde libbensboarne neamd

A: lit ús wer libje

F: Jo hawwe sein: Ik bin derby

A: wol by ús wêze

Amen

- | | | |
|--------------|---|-----------------------|
| * Zingen | <i>Goeie moarn, wês wolkom</i> | FNL 288 |
| * Gebet | nei <i>Sa bidde wy</i> sjonge wy elke kear <i>Kyrie eleison</i> | FNL 301e |
| * Lêzing | Lev. 19:1 en 9-18 | |
| * Sjonge | <i>Wa't earren om te hearren hat</i> | FNL 320: 1, 2, 3 en 5 |
| * Oertinking | | |
| Mei muzyk: | <i>When I needed a neighbour</i> | Sydney Carter |

* Oargelspyljen

* Iepen romte

* Kollekte foar de ADS – Projekten Gemeenteopbou

De nasjonale organisaasje fan minnisten, Algemiene Minniste-Genoatskip (ADS), stipet projekten fan gemeenten dy't rjochte binne op 'e ûntwikkeling fan wichtige en nijsgjirrige gemeenten. De ADS docht dit troch organisearjen fan treningsgearkomsten en training, materiaal te ûntwikkeljen, begelieding fan gemeentlike prosessen en advisearjen fan tsjerkerieden.

- | | | |
|----------|----------------------------|----------|
| * Sjonge | <i>Langjend nei ljocht</i> | FNL 1005 |
|----------|----------------------------|----------|

* Musyk as ynlieding op it gebet *La Benedetta* Erik Bosgraaf – blokfluit

* Gebeden

Wy bidde yn stilte foar de need fan de wrâld en foar de minsken dy't ticht by ús hert libje
en dy't ús gebet nedich ha.
Ofsluting Frij nei it Us Heit

* Sjonge *Lit de wurden ...* FNL 422
We beginnen met zingen zodra de kinderen terug zijn in de kerk.

*Segen (Ut: *Iona Abbey Worship Book*)

Foargonger: Yn ús hert en yn ús hûs

Antwurd: De seine fan God

F: Yn ús kommen en yn ús gean

A: De frede fan God

F: Yn ús libben, op ús syktocht

A: De leafde fan God

F: By de ein , in nij begjin

**A: De earmen fan God om ús te Untfangen, Thús te bringen
Amen**

* Sjonge *Wy gean mei Jo segen* FNL 425

* * * * *

Meidielings

Nije wike is der in ynsameling foar de Voedselbank.

Needhulp foar Sulawesi

Sulawesi yn Indonesië is 28 septimber 2018 troffen troch swiere ierdbevings en in tsunami. De devastaasje is grut, der syn in soad slachtoffers, soad minsken wurde fermist en huzen en gebouwen syn ferwoastje of ûnder wetter rûn. De Indonesia Mennonite Diakonia Service (IMDS) wurket ta plak tegearre mei oare tsjerken en de lokale oerheden en is begûn mei itensfoarsjenning, fasiliteiten foar skjûn drinkwetter en it stypje fan minsken mei in trauma.


Minnist WereldWerk hat har bankrekken opengesteld foar bydragen fanút de minniste gemeenten yn Nederlân oan de needhulp yn Sulawesi.

Bankrekken: NL27 TRIO 0786 8803 33. Doopsgezind WereldWerk yn Deventer, û.f.f. Sulawesi.

Kleurryk Fryslân – in reinbôge fan religies

Freed 16 novimber fanôf 19.00 oere yn it wijkcentrum (De Hoidollen 17)

Lit jo ynformearje oer de ferskillende religies dy fertsjintwurdige binne yn de wyk Bilgaard en doch mei yn petear, moeting en workshops. Foar kofje en tee wurdt soarge en fansels ek foar multikulturele hapkes en muzyk. De tagong is fergees.

Boppesteande meidielings kinste ek fine op  www.doopsgezindenleeuwarden.nl

Lieten (FNL) út *Lieteboek – sjonge en bidde thús en yn tsjerke*